



# **KNYNTSJEDAGEN**

(Honeymoon at Graveside Manor)

**Klucht yn twa bedriuwen**

**fan**

**PAT COOK**

**Fryske oersetting fan**

**Siep Jorna**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **KNYNTSJEDAGEN - HONEYMOON AT GRAVESIDE MANOR** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **PAT COOK** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 1993 by Pat Cook**

**Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**Myron Thorncraft** - Efter yn 'e tritich

**De Frou** - In spoek, healwei tritich

**Tyler Thorncraft** - Jonge skriuwer

**Marian Thorncraft** - Frou fan Tyler

**Sophie** - Wurkster

**Madge Perkins** - Redaktrise by útjouwerij

**Durward** - Twaddejers studint

**Judy** - Twaddejers studinte

**Suzanne** - Rjochterhân Judy, wat in meirinner

**Plysje Blair** - Plysjeman / plysjefrou

## **TYD:**

Hjoed de dei, Halloween jûn.

## **PLAK:**

Graveside Manor.

## DEKOR:

In nochal stoffige wenkeamer fan wat foarhinne in foarneamde wenning wie. It behang sit noch op 'e wanden mei hjir en dêr keale plakken, dêr't ris skilderijen hongen ha.

Der binne trije doarren en in trep dy't brûkt wurdt. Loft is de foardoar, mei dêrneist, nei efteren, in grut rût mei gerdinen derfoar. Derneist in grutte iepen hurd. De efterdoar, yn 'e efterwand, giet nei de keuken. Rjochts fan de efterdoar is de trep mei in stevige balustrade. De tredde doar sit yn 'e rjochterwand. Under de trep is in kast mei in doar.

Der stiet noch meubilêr yn 'e keamer, wol wat gammel allegearre. Guon stuollen binne noch bedekt mei in stoflekken. Loftfoar stiet in grutte sofa, diels bedekt mei in stoflekken. Oan beide kanten in taffeltsje. Der stiet in bypassende stoel tusken de sofa en de iepen hurd. Rjochtsefter stiet in yttafel en tsjin de rjochterwand in grut buro.

## EARSTE BEDRIUW

At it doek iepen giet is alles rêstich yn 'e keamer. Bûten waait it hurd, in perfekt dekor foar de ienige jûn yn 't jier dat soks der by heard – Halloween. De foardoar giet piipjend iepen en Myron komt op.

Hy docht de doar ticht en draait him om, om de keamer te oersjen. Hy leit syn diplomatekofferke op in taffeltsje by de sofa en rint, yn tinzen wei, wat rûn.

**MYRON:** Och, och, och, jonge, jonge, jonge. Sjoch my dy keamer no ris. Ach, noch wol deselde iepen hurd. *(hy rint der hinne en wriuwt oer de skoarstienmantel)* Neat feroare. *(hy rint nei de midden)* Dat âlde buro is noch hieltyd... en dy trep. Och, och. Krekt as doe. No ja... *(hy suchtet djip en giet ôf troch de foardoar. Even letter komt er wer op mei in lyts kistje, dêr't "TNT" op stiet)* Dit moat dit âlde hinnehok wol fuortblaze kinne. Ris sjen. *(sjocht om him hinne)* At ik no dynamyt wie, wêr soe ik dan stean wolle? Ah, *(hy rint nei de kast en set it kistke der yn. Siket dan yn alle bûsen fan syn jas. Timer, timer, myn keninkryk foar in timer. O! (hy begjint guod út syn bûsen fan de jas te heljen en beneamt alles at er it op 'e tafel leit)* Kaaien... bûsdoek... portefeuille... neilknipper... uskaartsje...kleefpasta... *(syn bûsen binne no leech)* Dat is no krekt wer wat foar my, nim de eksplosiven mei en ferjit de timer. *(hy wurdt ynienen in oar)* Ik sei noch tsjin dy, nim de timer mei... *(wer himsels)* Ik hearde dy wol, ik bin him gewoan fergetten, mear net. *(in oar)* Wat silsto no? *(himsels)* Dat wit ik noch net. Hasto in foarstel? *(in oar)* Do harkest doch nea nei my. *(himsels)* Ach, hâldt dy de kop. *(in oar)* Sjochst wol? *(himsels)* O, slûgert. *(hy slacht himsels foar de holle en wurdt wer in oar)* Au! *(himsels)* Ik sei doch datst dy de kop hâlde moast. Stel dat ien ús heart? *(hy rint nei syn kofferke)* It sit fêst yn myn kofferke. *(hy besiket it te iepenjen)* Hoe is de kombinaasje ek al wer? *(in oar)* It is de bertedatum fan de dokter, wist noch? *(himsels)* O, ja. *(hy draait oan it siferslot en iepent it kofferke. Dan hellet er dêr in grutte wekker út, dy't fêstmakke is oan in meganykje)* Hjir is der! *(hy docht it kofferke ticht en rint werom nei de kast)* No moat ik it der oan fêstmeitsje... *(hy set it op de springstof yn 'e kast en is dwaande om it der oan fêst te meitsjen)* No moat ik it ynstelle. Ik sil mysels mar rom te tiid jaan. *(in oar)* O, in goed idee. *(himsels)* Tanke. Ik tink sa... oardel oere. *(hy stelt it yn en wy hearre dat it no tikket)* Hiel moai! *(hy docht de kast ticht en wy hearre gjin tikjen mear)* No, de tiid is kaam, sei de Walrus... *(hy rint rjochting*

*foardoar. De lofterhân lûkt oan syn revers, wat him stil stean docht. Wer as in oar) Ferjitssto neat? (himsels) Huh? (hy draait him om) O, ja. (rint fluch nei de yttafel en stoppet alle guod at op 'e tafel leit wer yn de jasbûsen) No, farwol, Graveside Manor. Rêst yn frede, himelheech. (ôf foardoar. It is even stil. Dan komt der in spoek – in frou – fan de trep ôf “sweevjen”, se sjocht om har hinne)*

**FROU:** *(hiel monotoan) Cyrus? Bisto dat, Cyrus...? Der is gjinien. Spitich. Tige spitich. Je soene doch tinke dat se de deaden mei rêst litte soene. Foaral fan 'e jûn. Foaral fan 'e jûn. (se giet “sweevjend” werom nei boppen. It is wer even stil. Dan fljocht de doar iepen en Tyler tilt Marian oer de drompel de keamer yn. Marian hat de eagen stiif ticht)*

**TYLER:** No, dêr binne wy dan, leave. Us knyntsjedagenhokje! *(hy set har op 'e grûn)*

**MARIAN:** *(docht de eagen iepen) O, Tyler, it is... (se sjocht om har hinne en laket) Ok, Tyler, hiel leuk, til my mar wer op, dan gear wy fierder...*

**TYLER:** Nee, nee, dit is it echt. Echt wier! Gesellich, net?

**MARIAN:** Gesellich? Blykber hat dat wurd in obskuere bybetsjutting dêr't ik my noch net fan bewust wie. Lit my dy folder noch ris sjen. Ik doar te wedzjen dat de wurden “bloed stjurjend” der net yn stiene.

**TYLER:** Dat is mar ien wurd.

**MARIAN:** Soesto noch ien wurd hearre wolle?

**TYLER:** Nee!

**MARIAN:** Dat wie no net it wurd dêr't ik oan tocht.

**TYLER:** *(sedich) Soa? (hy krûpt har oan) Wat wie dat iene wurd fan dy dan? (der wurdt op 'e doar kloppe)*

**MARIAN:** O!

**TYLER:** Ach, Marian, it sil der grif folle better útsjen at it earst ris skjinmakke is. *(hy rint nei de doar) It is net te leauwen, dat dat noch net dien is. (wyls hy nei de doar rint, heart hy ien de kaai yn it slot stekken) Wachtsje! Ien besiket mei in kaai der yn te kommen. (it lûd fan de kaai yn it slot hâldt op. Tyler iepent de doar. Sophie komt op, rammeljend mei in grutte bosk kaaien. Se tinkt mar oan ien ding en besiket in oare kaai yn it slot)*

**SOPHIE:** Ien sil it doch wêze moatte.

**TYLER:** Goeie...

**SOPHIE:** *(snaut) Jo moatte net mei frjemden prate!*

**TYLER:** Dat dogge jo doch?

**SOPHIE:** Ferbetterje gjin minsken dy't âlder dan je binne. *(se besiket wer in oare kaai. Tyler gebeart nei Marian, wiist nei de frou en stiet dan in skoftke nei har te sjen, hast mei leedfermaak)*

**TYLER:** Wat dogge jo?

**SOPHIE:** Goed, tanke wol.

**TYLER:** Dat frege ik net.

**SOPHIE:** Dat antwurde ik net. Mar do hiest my dêr hast te pakken, hè? *(se besiket wer in oare kaai)*

**TYLER:** Ik bin krekt troud.

**SOPHIE:** En dat stiet hjir tsjin my te praten? Treft de frou it even. En dan freget er my wat *ik* oan it dwaan bin.

**TYLER:** Jo besykje de doar te iepenjen.

**SOPHIE:** Ik besykje it slot te iepenjen. De doar is al iepen, slimkees. *(se besiket in oare kaai)*

**TYLER:** Wêrom besykje jo dat slot te iepenjen?

**SOPHIE:** Omdat ik at ik hjir wei gean de doar op slot dwaan moat. Giet it te fluch foar dy?

**TYLER:** O, dan binne jo grif de wurkster.

**SOPHIE:** No en?

**TYLER:** *(wiist nei Marian)* Dat is myn frou, Marian.

**MARIAN:** Se sjocht der út of hie se it wurk al dien...

**MARIAN:** Goeie...

**SOPHIE:** Jo moatte net mei frjemden prate!

**TYLER:** Ik ha jo krekt mei har yn 'e kunde brocht.

**SOPHIE:** O ja? En hoe hjit ik dan?

**TYLER:** *(sarkastysk)* Witte jo dat net?

**SOPHIE:** Hè, dat is in moaie... *(se jout de kaaien oan Tyler)* Meitsje dy sels ris nuttich, ja, Goofy? *(Hiel stadich skeuvelet se nei Marian ta)*

**TYLER:** Tyler. O... *(hy nimt de kaaien oan en besiket se ien foar ien yn it slot)*

**SOPHIE:** *(tsjin Marian)* Ik bin Sophie. Ik bin de wurkster. Do meist wol Sophie sizze.

**MARIAN:** Ik bin Marian. Jo meie sizze wêr't ik in taksy krije kin.

**SOPHIE:** O, do hast it hûs besjoen. No, wachtsje oant ik it skjinmakke ha.

**MARIAN:** Sjocht it er dan better út?

**SOPHIE:** Dat wit ik net. Ik sei, wachtsje oant ik it skjinmakke ha. Dy jongelju! Altyd hastich.

**MARIAN:** Jo hiene it skjinmeitsje moatten? En jo binne der no pas?

**TYLER:** Faaks is se rinnende kaam.



**SOPHIE:** Dat ha 'k heard. Myn gehoar is tweintich-tweintich. Dat hat myn dokter sein.

**MARIAN:** Tweintich-tweintich.

**SOPHIE:** It is in eachdokter. Mar hy hat gelyk, witste. Ik sil it bewize. Pak ris in briefke fan tweintich. (*Marian hellet in biljet fan tweintich út har taske. Sophie stiet stil om te harkjen, de hân efter it ear*) Ja, dat is ien fan tweintich. (*se skuort it út Marian har hân en docht it yn har bûse*)

**TYLER:** Binne jo hjir krekt oan kaam?

**SOPHIE:** No, krekt? Der wie ôfpraat, dat ik hjir foar achten wêze soe, om skjin te meitsjen.

**TYLER:** Dat wie acht oere moarns.

**SOPHIE:** Hoe let is it no?

**TYLER:** (*sjocht op syn horloazje*) Acht oere.

**SOPHIE:** No dan.

**TYLER:** It is acht oere jûns!

**SOPHIE:** O ja, Godskes! (*se skeuvelet no wat flugger rjochting de doar*)

**MARIAN:** Wachtsje ris! Giest fuort?

**SOPHIE:** Hûndert punten, fanke. Ik moat Jake ha, foar dat er de truck start.

**TYLER:** Jake? Is dat dyn man?

**SOPHIE:** (*sarkastysk*) Nee, myn sjauffeur. Ik rin allinne yn it jachtseizoen yn dizze klean. Hasto de goede kaai fûn? At it tsjuster wurdt wol ik hjir leaver net mear wêze.

**TYLER:** Mar jo ha noch neat dien!

**SOPHIE:** Ik ha tweintich euro fertsjinne.

**MARIAN:** (*rint nei Sophie*) Wachtsje ris even. Wêrom wolle jo hjir net wêze at it tsjuster wurdt?

**SOPHIE:** Wêrom?

**MARIAN:** Ik frege it earst.

**SOPHIE:** It spoeket hjir, dêrom!

**MARIAN:** Spoeket?

**SOPHIE:** Witsto net wat dat wurd betsjut?

**MARIAN:** Jawis wol. Ik tink dat it "gesellich" betsjut. (*se sjocht lilck nei Tyler*)

**SOPHIE:** Do seist it. Mar dit hûs besoarget my kâlde grillen. Ik naam dit putsje allinne mar oan, sadat ik myn kat reparearje litte koe.

**TYLER:** Wêrom?

**SOPHIE:** (*snaut*) Omdat er stikken is, krolkop! Hasto de goede kaai al fûn?

**MARIAN:** Wachtsje ris even, spoeket it hjir?

**SOPHIE:** Dat hasto ek al heard?

**TYLER:** *(tsjin Marian)* Leave, dat is echt net sa. *(Marian rint by him wei)*

**MARIAN:** En do witst dat! En do bringst my hjir hinne? Foar ús knyntsjedagen?

**TYLER:** O, dat wurdt fan alle âlde hûzen sa as dizze sein. In doar pipet, in flierplanke kreaket en daliks spoeket it *(after it toaniel raast in frou. Marian fljocht by Tyler yn 'e earms)*

**SOPHIE:** Fansels helpt razen ek.

**TYLER:** Heardest dat?

**SOPHIE:** Jawis, ik ha in gehoar fan tweintich-tweintich. Lit ris in tweintichje sjen.

**MARIAN:** Net dwaan. Dat is in trúk.

**TYLER:** Dat kaam fan bûten. Der is fêst in reedlike ferklearring foar.

**SOPHIE:** Ja, ien seach in spoek.

**MARIAN:** Tsja, it is in ferklearring, mar ik soe it net in reedlike neame wolle. *(Tyler makket him los fan Marian)*

**TYLER:** Gean no even rêstich sitten. Dan sil ik even sjen.

**MARIAN:** Do makkest in grapke.

**TYLER:** Der bart dy neat.

**SOPHIE:** Hy liicht.

**MARIAN:** Dat wit ik.

**TYLER:** Hoe kinsto sjen dat ik liich?

**MARIAN:** Omdatste tsjin my praatst. *(tsjin Sophie)* Foel it jo ek op dat hy it net ûntkende?

**SOPHIE:** Ja, dat hie ik troch. *(tsjin Tyler)* Politikus seker?

**TYLER:** Ik bin even bûten. *(ôf foardoar)*

**SOPHIE:** Binne jim krekt trout?

**MARIAN:** Ja, fan 'e middei.

**SOPHIE:** Binne jim hjoed trout? Op Halloween?

**MARIAN:** No ja, wy tochten dat it wer ris in oar soad brulloft wêze soe. Sjochste, myn man is skriuwer.

**SOPHIE:** *(ûntsteld)* Skriuwer?! *(se hellet it tweintichje te foarskyn en jout it werom oan Marian)* Hjir. *(fol sympathy)* Dat wist ik net.

**MARIAN:** Bedoelsto, dat it swierrichheden jaan sil, at wy hjir sliepen bliuwe?

**SOPHIE:** Do makkest in grapke! *(se leunt foaroer)* Freegje it my noch ris.

**MARIAN:** Bedoelsto, dat it swierrichheden jaan sil, at wy hjir sliepen bliuwe?

**SOPHIE:** Do makkest in grapke! Gjinen bliuwt hjir sliepen. Hieltyd at ien seit dat hy earne net nei ta wol, is dit it slimste wêr't se oer prate.

Minsken stean oeren yn 'e rige, allinne mar om hjir net hinne te hoegen.

**MARIAN:** Echt wier?

**SOPHIE:** Dejinge dy't it kenne.

**MARIAN:** En hoe sit it mei dejinge dy't it net kenne?

**SOPHIE:** (*logysk*) At se it net kenne, komme se net. (*yn har sels*) Stedslju, net te leauwen...

**MARIAN:** Mar Tyler seit dat it in diel fan syn famyljebesit is.

**SOPHIE:** (*ferstuivere*) Is Graveside Manor fan syn famylje?

**MARIAN:** Graveside Manor?

**SOPHIE:** Sa hjit dy't hûs.

**MARIAN:** Wêrom neame se dat sa? (*Sophie skoot Marian nei it rût*)

**SOPHIE:** Tsja, it is in filla, no?

**MARIAN:** Dat is wier.

**SOPHIE:** (*docht in gerdyn iepen*) En wat sjochst dêr?

**MARIAN:** (*benaud*) Grêven?

**SOPHIE:** Goed sjoen. Dêrom dy namme.

**MARIAN:** Ik doch him wat!

**SOPHIE:** Dan bist hjir op it goede plak. Hasto al dy grêfstiennen net sjoen, doesto oanriden kaamst?

**MARIAN:** (*rint nei de sofa*) Ik hie de eagen ticht.

**SOPHIE:** (*skodhollet*) En do hast it doch fûn?

**MARIAN:** Myn man ried.

**SOPHIE:** Nim de oare kear de bus. (*se hellet wat stoflekkens fuort*)

**MARIAN:** Rydt hjir in bus?

**SOPHIE:** (*yn har sels*) Stedslju, net te leauwen... Harkje, fanke, der bart hjir neat sa lang de sinne noch net ûnder is.

**MARIAN:** De sinne is al ûnder.

**SOPHIE:** Ik fûn it al sa tsjuster foar acht oere moarns.

**MARIAN:** (*Tyler komt op en draacht Madge der yn*) Tyler!

**SOPHIE:** Sjoch, hy hat al wer in oar trout.

**TYLER:** Leave, help my ris even har op 'e sofa te lizzen. (*Marian helpt Tyler. Madge komt by*)

**SOPHIE:** Se ha in wurd foar figueren sa as dy.

**TYLER:** O ja, wat dan?

**SOPHIE:** Skriuwers.

**MARIAN:** Wat is der bard?

**TYLER:** Dat wit ik net. Se kaam fan it hôf.

**MARIAN:** Dit is Madge Perkins, Tylers útjouwer.

**SOPHIE:** Salang se mar gjin Thorncraft hjit.

**TYLER:** Ik hjit Thorncraft. (*Sophie stapt efterút, ynienen bang*)

**SOPHIE:** Nee! Dan komt it út! De leginde, it is...

**MADGE:** O, ik... Tyler! O, hjir biste... *(se giet sitten)*

**TYLER:** Rêstich mar.

**MADGE:** Hast it sjoen? It wie ferskriklik!

**TYLER:** Rêstich mar, Madge, ik bin by dy.

**MARIAN:** *(mei klam)* Ik bin ek by dy.

**TYLER:** Wat hast sjoen?

**MADGE:** Ik wit it net, ik... Ik tocht dat it fan it hôf kaam. It wie hiel grut en sa te sjen mei mos bedekt. In man of sokssawat. It wie... it wie...

**SOPHIE:** *(driigjend)* Cyrus Thorncraft.

**MARIAN:** Wa?

**SOPHIE:** Bisto der wis fan datsto dit hearre wolst?

**TYLER:** No, ik tink net...

**MARIAN:** Kop ticht, do! *(tsjin Sophie)* Gean fierder.

**SOPHIE:** Cyrus Thorncraft. Foar safier ik wit barde dit mear as hûndert jier lyn, flak nei dat dit hûs boud wie. De eigener, de man dy it bouwe lied, wie in grutte... *(se hâldt op en sjocht om har hinne)* sa wurket it net. *(tsjin Tyler)* Do. Doch do ris fan *(se imitearret spoekftige muzyk)* Oe-oe-oe... *(Tyler docht dit en giet troch wyls Sophie har ferhaal fertelt)* Cyrus Thorncraft, de eigener, de man dy dit hûs bouwe lied, wie in brút fan in man. Wreed. Ungefoelich. Hy woe in hûs neist it âlde tsjerkhôf. Gjinien frege wêrom, hy hie jild genôch. Allinne hy en syn frou wennen hjir. Se hjitte Lydia. Doe, op in Halloween jûn, dat wurdt der sein, waard dy âlde Cyrus knettergek... en fermoarde Lydia. Mei in bile. Doe hakke er ek op himsels yn en gong ek it hoekje om!

**TYLER:** *(hâldt op mei spoek gelûden)* Hoe kin er himsels no fermoardzje mei in bile?

**SOPHIE:** Omdat er gjin heafoarke fine koe. Wolst it no hearre of net?

**MADGE:** Meie wy stimme?

**SOPHIE:** *(tsjin Tyler)* "Oe-oe-oe..."

**TYLER:** *(begjint wer)* "Oe-oe-oe..."

**SOPHIE:** En der wurdt sein, dat fan dy dei ôf, syn geast hieltyd mei Halloween, fan moarns ier oant jûns let, hjir rûndwaalt... op 'e siik nei de frou dy't er fermoarde hat. Guon sizze dat Lydia har geast hjir ek is, wachtsjend op him. Want sjochste, se kin dit hûs nea ferlitte.

**TYLER:** *(hâldt op mei de "Oe's")* Wêrom wachtet se op him?

**SOPHIE:** Dat wit gjinien. Mar *(se leunt foaroer nei Tyler)* der binne guon dy't sizze dat se âlde Cyrus fermoardzje wol... en alle oare Thorncrafts dy't in foet yn dit hûs sette....

**MARIAN:** Jild dat ek foar de kâlde kant?

**MADGE:** En foar besikers?

**SOPHIE:** En allinne at se wraak nommen hat, at se goedmakke hat wat har oandien is, kin se yn frede rêste. Kin ik no de bêden opmeitsje?

**MARIAN:** Witste, ik seach in hiel aardich lyts moteltsje hjir deunby...

**TYLER:** Wy bliuwe hjir fannacht, okee, baas?

**MADGE:** Litte wy net as in kat om de hjitte brij hinne rinne. *(se giet stean en rint nei it rût)* Ik seach dêrjinsen wat.

**TYLER:** *(rint nei Madge)* Ojee, dyn ferbeelding giet mei dy op 'e rin.

**MADGE:** Salang ik mar mei rinne kin.

**TYLER:** Der binne wol hûndert ferklearringen foar watsto seachst.

**MADGE:** Ja? Sa as?

**TYLER:** It wie, tink ik, in bear. *(hy rint werom nei Marian)*

**MADGE:** En dat moat my gerêststelle?

**SOPHIE:** Wêrom bliuwe jim hjir eins fannacht?

**TYLER:** Ik leau net dat *dát* jo wat oan giet.

**SOPHIE:** Fansels net, wêrom binne jim hjir?

**MARIAN:** Fanwege in stom boek dat hy oan it skriuwen is.

**TYLER:** Dat kloppet. *(tsjin Madge)* Eins wie it in idee fan myn útjouwer. Deselde dame dy't foto's fan dit hûs nimme soe, is 't net sa? *(Madge hâldt har kamera omheech)*

**SOPHIE:** Wat foar boek tinksto te skriuwen oer dit hûs?

**TYLER:** In bestseller, hoopje ik. Jo kenne fêst wol in boek fan my...

**MARIAN:** Hy skriuwt horrorromans en ja, dat wist ik doe ik mei him troude. *(Madge rint foarsichtich rûn en nimt foto's)*

**SOPHIE:** Ja?

**TYLER:** Do hast fêst fan my heard. Tyler Thorncraft? *(gjin reaksje fan Sophie)* Ik ha "Yn syn grêf stoarn" skreaun.

**SOPHIE:** Noch nea fan heard. *(docht de hannen yn 'e bûse)*

**TYLER:** "Jûns dûnsje de katten"?

**SOPHIE:** Nee.

**TYLER:** "At de klok tolve slacht"?

**SOPHIE:** O...!

**TYLER:** O, dy kenst?

**SOPHIE:** *(hellet in kaai út har bûse)* Nee, ik ha de kaai fan de foardoar fûn... *(se rint nei de doar en docht dy op slot)*

**TYLER:** No ja, ik hoopje in wier barde horrorstory te skriuwen. Foar it earst kin ik wat skriuwe oer erfaringen út de earste hân, in non-fiction spoekferhaal.

**MARIAN:** Ja, mar doesto my oer dit hûs ferteldest, seidesto dat it opknapt wie.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**